

Sa leit it lân derhinne

It Frysk yn wet,
bestjoer en kennisfjild

febrewaris 2024





Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning

Sa leit it lân derhinne

It Frysk yn wet, bestjoer en kennisfjild

febrewaris 2024



FRYSKE  AKADEMY

Mercator Europeesk Kennisintrum foar
Meartaligens en Taallearen/
Fryske Akademy
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/ Leeuwarden
(The Netherlands)
+ 31 (0) 58 213 14 14
mercator@fryske-akademy.nl
mercator-research.eu





Ynhâld

Ynlieding.....	5
Talen yn Fryslân.....	6
Juridysk en bestjoerlik.....	7
Europeesk Hânfest foar regionale of minderheidstalen.....	7
Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden.....	9
Wet gebrûk Fryske taal.....	10
Wetten oangeande it ûnderwiis.....	11
Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK).....	11
Taalskipper.....	12
DINGtiid.....	12
Kennisynfrastruktuer en ûnderwiis.....	13
Boarging fan it Frysk yn it ûnderwiis.....	13
Taalplan Frysk.....	13
Ynspeksje fan it ûnderwiis.....	14
Understypjende organisaasjes.....	15
Afûk.....	15
Sintrum Meartaligens Cedin.....	15
FERS.....	15
Keunstwurk.....	16
Underwiis en kennisynstellings.....	17
SFBO.....	17
3TS.....	17
NHL Stenden Hogeschool.....	18
Learstoel Fryske Taal- en Letterkunde.....	18



RUG Campus Fryslân.....	19
Fryske Akademy.....	20
Mercator Europeesk Kennisintrum	20
Tresoar	21
Planbureau Fryslân	21
Kennisyinfrastruktuer Frysk	22
Koepelorganisaasjes	23
Fryske Beweging	23
EBLT.....	23
NPLD, FUEN en ELEN.....	23



Ynlieding

Fryslân is in meartalige provinsje: it Nederlânsk en it Frysk binne beide offisjele talen. Dat makket Fryslân, mar ek de rol fan Provinsjale Steaten, bysûnder. Gjin oare provinsje yn Nederlân hat sa'n wiidfiemjend taal- en kultuerbelied mei safolle eigen foech as Fryslân.

Dat betsjut ek dat Provinsjale Steaten in bysûndere ferantwurdlikheid ha om de provinsje te kontrolearjen op de útfiering fan dat belied en it ryk skerp te hâlden as it giet om it neikommen fan ferplichtings foar it Frysk oer dy't Nederlân oangien is fia ôfspraken, wetten en Europeeske ferdraggen.

Mar wat stiet der eins yn dy wetten en wat binne dy Europeeske ferplichtings no krekt, en hoe is it eins regele mei it Frysk yn it ûnderwiis? De juridyske beskerming, bestjoerlike ôfspraken en ynstitúsjonele ynbêding fan it Frysk kinne op it earste each wat ûnoersichtlik wêze.

Mei dit struibrief wolle wy in hânsum oersjoch jaan fan de wetten, ôfspraken en ynstellings dy't mei it Frysk te krijen ha. Wy hoopje dat dizze ynformaasje fan nut wêze kin foar beliedsmakkers, bestjoerders, folkfertsjintwurdigers en oare belangstellenden.



Talen yn Fryslân

Rûchwei de helte fan de ynwenners fan Fryslân is Frysktalich. Dat docht bliken út de lêste [Taalatlas](#), in periodyk ûndersyk troch de provinsje Fryslân nei de stân fan it Frysk. Njonken it Nederlânsk binne der ek noch oare talen en taalfarianten yn Fryslân, lykas it Stellingwerfsk, it Biltsk, it Hylpersk, it Stedsfrysk of de talen op de Waadeilannen (sjoch ek de [Streektaalatlas](#) fan 2022). Yn Nederlân, en dus ek yn Fryslân, binne ek de Nederlânske Gebeartetaal, it Jiddysk en de talen fan de Roma en Sinty as talen erkend.

It Stellingwerfsk is as fariant fan it Nedersaksysk erkend as regionale taal. Fia it [Konvenant Nedersaksysk](#) sette de provinsje en de Stellingwerven harren, mei oare oerheden, yn foar de fersterking fan it Nedersaksysk. Dat bart mei in subsydzjeregeling foar it Stellingwerfsk.

Oare taalfarianten yn Fryslân binne net wetlik erkend as taal, mar ha wol in plak krigen yn gemeentlik en/of provinsjaal taalbelied. De provinsjale subsydzjeregeling *Kultuer en mienskip* kin ynset wurde foar de fersterking fan sokke streektalen:

- It Biltsk. De gemeente Waadhoeke fiert in aktyf belied op meartaligens, ynklusyf it Biltsk;
- It Hylpersk. De gemeente Súdwest-Fryslân nimt it Hylpersk mei yn har taalbelied;
- It Stedsfrysk. Ljouwert, Noardeast-Fryslân, Súdwest-Fryslân en Waadhoeke jouwe yn har taalbelied omtinken oan it Stedsfrysk;
- Fan de streektalen op de Waadeilannen wurdt it Amelânsk noch it meast aktyf brûkt. De Waadeilannen ha lykwols gjin eigen taalbelied.



Juridysk en bestjoerlik

Europeesk Hânfest foar regionale of minderheidstalen

Dit ferdrach (European Charter for Regional or Minority Languages, ECRML) hat as **doel** de beskerming en fersterking fan regionale en minderheidstalen om dêrmei by te dragen oan de Europeeske kulturele rykdom en de mooglikheden fêst te lizzen om sokke talen folop te brûken yn it persoanlike en iepenbiere libben. Dit ferdrach fan de Ried fan Europa wurdt ûndertekene en ratifisearre troch de nasjonale lidsteaten. Yn Nederlân is it Hânfêst fan krêft wurden yn 1998.

As regionale en minderheidstalen wurde beskôge: talen dy't histoarysk sjoen praat wurde troch in minderheid fan de befolking yn in bepaalde steat.

Nederlân hat as regionale of minderheidstalen erkend: it Frysk, it Nedersaksysk (dêr't ek it Stellingwerfsk ûnder falt), it Limboarchsk, Jiddysk en Romani. Foar al dy talen hat Nederlân Part II fan **it Hânfêst** ûndertekene, dêr't de beskerming en fersterking fan regionale of minderheidstalen yn algemiene termen omskreaun wurde.

Foar it Frysk yn Fryslân (en foar Papiamintû op Bonaire) hat Nederlân ek Part III ûndertekene en dêrmei hat it Frysk de heechste beskerming krigen. Dat wol sizze dat Nederlân him ferplichtet ta konkrete maatregels oangeande it Frysk op de terreinen fan ûnderwiis, rjocht, bestjoer, media, kulturele foarsjennings, ekonomysk en sosjaal libben, en útwikselings oer de grins.

In taal kin in lichter of swierder pakket oan beskermingsmaatregels krije meidat lidsteaten in seleksje meitsje fan bepalings út Part III dêr't sy har oan hâlde wolle. Nederlân hat him **ferbûn** oan in protte, mar faak net oan de swierste bepalings. Lidsteaten kinne beslute dat sy mear en swierdere bepalings ûnderskriuwe wolle.



Mei in rapportaazjesyklus fan fiif jier wurdt byholden yn hoefier't Nederlân de ferdrachsferplichtings goed neikomt. Dy syklus sjocht der as folget út:

1. It ryk bringt ferslach út oan de Ried fan Europa oer belied en aksjes om oan de ferplichtings te foldwaan;
2. In Kommisje fan Eksperts fan de Ried fan Europa (hjrnei: KomEks) wei skriuwt in evaluaasjerapport op basis fan it ferslach fan it ryk en besites oan en petearen mei oerheden en relevante organisaasjes dy't har mei it Frysk dwaande hâlde. It rapport stelt de situaasje fêst en docht oanbefellings ta ferbettering;
3. It Komitee fan Ministers (fan lidsteaten fan de Ried fan Europa) kin oanbefellings oan in lidsteat taheakje op basis fan it evaluaasjerapport.

Nei twaenheal jier bringt it ryk in tuskenferslach út dêr't yngien wurdt op de útfiering fan oanbefellings dy't fuortendaliks oppakt wurde moatte (*recommendations for immediate action*).

Yn it [lêste rapport](#) fan de KomEks, út 2022, stiet sa'n oanbefelling: '*Continue to strengthen the teaching in and of Frisian at all levels of education and its use in preschool education*'. It is de bedoeling dat it ryk útfiering jout oan de oanbefellings. It regear kin in reaksje jaan op it KomEksrapport, mar dat is net ferplichte. Yn it KomEksrapport fan 2022 is dy reaksje taheakke yn in anneks.



Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden

Dit [ferdrach](#) fan de Ried fan Europa erkent nasjonale minderheden en beskermet de rjochten fan de persoanen dy't by dy nasjonale minderheden hearre. It wurdt ûndertekene en ratifisearre troch de nasjonale lidsteaten. Yn Nederlân is it Ramtferdrach ratifisearre en fan krêft wurden yn 2005.

Nederlân hat de Friezen erkend as nasjonale minderheid. Dat wol sizze dat it ryk him wat de Friezen oanbelanget ferplichtet ta it neikommen fan [de bepalingen](#) yn it ramtferdrach. Dy geane ûnder oaren oer non-diskriminaasje, befoardering fan kultuer, taal en tradysjes, frijheid fan gearkomste en utering, it rjocht om de taal te brûken yn it iepenbier en yn kontakt mei de oerheid en it rjocht op ûnderwiis yn de eigen taal. Oer it generaal binne de ferplichtings yn Ramtferdrach wat minder konkreet as dy yn it Hânfêst.

Mei in rapportaazjesykus fan fiif jier wurdt byholden yn hoefier't Nederlân de ferdrachsferplichtings goed neikomt. De syklus sjocht der as folget út:

1. It ryk bringt ferslach út oan de Ried fan Europa oer belied en aksjes om oan de ferplichtings te foldwaan;
2. In advyskommisje út de Ried fan Europa wei skriuwt in *opinion* op basis fan it ferslach fan it ryk en besites oan en petearen mei oerheden en relevante organisaasjes dy't har mei it Frysk dwaande hâlde. It rapport stelt de situaasje fêst en docht oanbefellings ta ferbettering. It ryk kin hjir in reaksje op jaan;
3. It Komitee fan Ministers (fan lidsteaten fan de Ried fan Europa) nimt in resolúsje oan mei konklúzjes en oanbefellings oan in lidsteat, op basis fan de *opinion*.



De lêste *opinion* is fan 2023. It is de bedoeling dat it ryk útfiering jout oan de oanbefellings. Hoe't it kabinet dat fan doel is, wurdt útlein yn in reaksjebrief. Op it lêste rapport hat it ryk noch gjin reaksje jûn.

Wet gebrûk Fryske taal

Yn de [Wet gebrûk Fryske taal](#) fan 2014 is fêstlein dat Nederlânsk en Frysk de offisjele talen binne yn de provinsje Fryslân. De wet jout oan dat de soarchplicht foar it Frysk in mienskiplike ferantwurdlikheid is fan it ryk en de provinsje Fryslân.

De wet regelet de omgong mei it Frysk yn it bestjoer en yn it rjocht. In pear wichtige bepalingen binne: elkenien yn Fryslân mei it Frysk brûke yn kontakt mei bestjoersorganen lykas gemeenten en provinsje; it Frysk mei brûkt wurde yn ferstjintwurdigjende organen en wat yn it Frysk sein is, wurdt yn it Frysk notulearre. Gemeenten hawwe in beliedsplan oangeande it Frysk (mar Flylân, Skylge, It Amelân, Skiermuontseach en Weststellingwerf binne dêrfan frijsteld). Offisjele stikken meie yn it Frysk opsteld wurde.

Wat it rjocht oangiet: alle ynwenners fan Fryslân meie it Frysk brûke yn sittingsen fan de rjochtbank Noard-Nederlân of it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en as dat nedich is, kin in tolk ynskeakele wurde. Wat yn it Frysk sein is, moat yn it Frysk notulearre wurde. Prosesstikken en akten meie, op útsûnderingen nei, yn it Frysk opsteld wurde.

Yn de wet is fierder fêstlein hoe't de eed of belofte yn it Frysk ôflein wurde moat en it bepaalt dat der in advysorgaan foar de Fryske taal wêze moat, no bekend as it Orgaan foar de Fryske Taal DINGtiid.



Wetten oangeande it ûnderwiis

It foech oer it Frysk yn it ûnderwiis leit sûnt 2014 net mear by it ryk, mar primêr by de provinsje Fryslân. Dat is fêstlein yn de [Wet op het primair onderwijs](#) en yn de [Wet op het voortgezet onderwijs](#).

Yn dy wetten is regele dat Provinsjale Steaten yn Fryslân de keardoelen fêststelle foar it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis. (De minister moat de feroarderding mei de keardoelen ferfolgens noch wol goedkarre.) Yn de wetten is net fêstlein hoefolle tiid oft op skoalle oan Frysk bestege wurde moat. Wol skriuwe de wetten foar dat der keardoelen foar it Frysk jilde.

Deputearre Steaten kinne skoallen foar in part of folslein ûntheffing ferliene fan de ferplichtings foar it Frysk ûnderwiis – dêroer mear ûnder ‘Taalplan Frysk’. It ryk jout jierliks jild oan de provinsje foar de bekostiging fan it ûnderwiis yn it Frysk.

Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK)

De BFTK is in periodike bestjoersôfspraak tusken it ryk en de provinsje Fryslân dêr't yn fêstlein is wat dy beide dwaan sille om it Frysk te befoarderjen. It jout in konkrete útwurking fan de ferplichtings dy't Nederlân oangien is ûnder it Europeesk Hânfêst. De [aktuele BFTK](#) giet oer de jierren 2019 oant 2023, mar is ferlinge oant der in nije BFTK fêststeld is. De nije BFTK wurdt ferwachte yn 'e rin fan 2024.

Der steane doelen en ôfspraken yn oer bygelyks it Frysk yn it ûnderwiis, fan berne-opfang oant en mei de learstoel Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins, ferbetterings oangeande de posysje fan it Frysk yn de rjochtspraak, de spesjale taalbefoarderjende rol fan Omrop Fryslân en stipe oan kulturele aktiviteiten.



Taalskipper

De provinsje Fryslân is yn 2016 yn oerlis mei it ryk oanwiisd as ‘[taalskipper](#)’. Dat wol sizze dat de provinsje aktive stjoering jout oan it útfieren fan de ôfspraken omtrint it Frysk, sa’t dy fêstlein binne yn wetjouwing en yn de BFTK. De provinsje wurdt as taalskipper achte om in koördinearjende, ferbinende en ynspirearjende rol te spyljen yn it Fryske taaldossier, bygelyks yn kontakten mei gemeenten, organisaasjes en bedriuwen.

DINGtiid

It ûnôfhinklike advysorgaan [DINGtiid](#) jout frege en net-frege advys oan de minister fan Ynlânske Saken en/of de deputearre fan Fryslân oer saken dy’t te krijen hawwe mei de Fryske taal. De taak fan dit Orgaan foar de Fryske taal (lykas fêstlein yn de Wet gebrûk Fryske taal en in [Ynstellingsbeslút](#) út 2010) is it befoarderjen fan de likense posysje fan it Frysk en it Nederlânsk yn Fryslân.

It is wenst dat DINGtiid foarôfgeand oan advizen saakkundigen, belutsenen of krekt bûtensteanders byinoar bringt om tema’s te besprekken, te ferdjipjen en kennis te dielen. [Resinte advizen](#) giene bygelyks oer fersterking fan it Frysk by de rjochtbank, yn it foarskoalsk ûnderwiis, op it mbû en oan de universiteit. It is oan provinsje of ryk om te bepalen oft sy de advizen wol, net of foar in part oernimme.



Kennisynfrastruktuer en ûnderwiis

Boarging fan it Frysk yn it ûnderwiis

Taalplan Frysk

Mei it [Taalplan Frysk](#) wol de provinsje derfoar soargje dat uterlik yn 2030 alle skoallen yn it Fryske taalgebiet alle kearndoelen oanbiede foar it fak Frysk. Dy doelstelling is fêstlein yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. De Waadeilannen en Weststellingwerf wurde net ta it Fryske taalgebiet rekkene. Skoallen kinne dêr in folsleine ûntheffing krije foar it fak Frysk.

Frysk is sûnt 1980 in ferplichte fak yn it ûnderwiis, mar de wize hoe't skoallen dy ferplichting ynfolje, is tige ferskillend. Yn 2018 is yn opdracht fan de provinsje foar it earst fan alle skoallen yn primêr, fuortset en spesjaal ûnderwiis ûndersocht hoe't it derfoar stiet mei it fak Frysk. Ut it [einrapport](#) die bliken dat minder as in tredde fan de basisskoallen yn it Fryske taalgebiet alle kearndoelen fan it fak Frysk oanbiedt ('profyl A'). Yn it fuortset ûnderwiis foldocht 44 prosint fan de skoallen oan alle ferplichtings.

De deputearre hat op basis fan de útkomsten ûntheffings oan skoallen ferliend foar de kearndoelen dy't net oanbean wurde (profilen B oant en mei F). Dy skoallen hawwe in plan opsteld om de situaasje te ferbetterjen. Mei help fan ûnder oaren periodike skoalbesiten en subsydzjeregelingen foar byskoalling en lesmateriaal is it de bedoeling dat it skoalfak Frysk de kommende jierren foarútbuorket.

Elke fjouwer jier wurdt per skoalle opnij besjoen hoe't de saken derfoar steane en hokker eventuele ûntheffing ferliend wurde moat. Yn 2024 wurdt it rapport ferwachte oer de twadde omgong fan skoalbesiten. Foar de útfiering fan it Taalplan is in gearwurking opset mei Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko en SFBO. Hjirûnder mear oer guon fan dy organisaasjes.



Ynspeksje fan it ûnderwiis

It tafersjoch op de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it fak Frysk leit by de lanlike [Ynspeksje fan it ûnderwiis](#). Dy sjocht mei skoalbesiten ta op de kwaliteit fan alle ûnderwiis, mar bringt ek om de safolle jier in rapport út oer spesifike skoalfakken.

It [lêste rapport](#) oer it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis is fan 2019. De Ynspeksje wie kritysk: der binne te min dosinten mei it foech Frysk, der wurdt te min tiid ynroastere om de kearndoelen helje te kinnen en wylst learlingen graach mear Frysk leare wolle, fine sy de lessen saai, mei trochdat skoallen gjin ambysjeuze leardoelen stelle.



Understypjende organisaasjes

Afûk

De [Afûk](#) is it ynstitút foar Fryske taalbefoarding. De Afûk is útgjower fan Frysktalige (berne)boeken, biedt taalkursussen oan op ferskate nivo's en is ek makker fan learmateriaal foar it ûnderwiis.

Ta de produkten en projekten fan de Afûk hearre bygelyks Tomke (in foarlês- en taalstimulearringsprogramma foar pjutten), it Taalkado (in pakket oer Frysk en meartaligens dat âlden krije by de berte fan har bern), de Praat-mar-Frysk-kampanje en Boeken fan Fryslân (Fryske boekepromoasje). De Afûk hat in winkel yn Ljouwert en in websjop.

Sintrum Meartaligens Cedin

It [Sintrum Meartaligens](#) fan Cedin advisearret skoallen fergees yn it opsetten en ûnderhâlden fan twa- of trijetalich ûnderwiis. It sintrum help skoallen yn it primêr, fuortset en beropsûnderwiis ek spesifyk by it fak Frysk. Cedin makket learmaterialen en organisearret kursussen foar learkrêften en eveneminten om draachflak te kreëarjen foar Frysk yn it ûnderwiis.

FERS

FERS is de ûndersteuningsorganisaasje foar de bibleteken yn Fryslân. Op ferskillende manieren [stimulearret](#) FERS it Frysk lêzen ûnder de jongerein, ûnder oaren troch it oanbieden fan meartalige boekekolleksjes op skoallen en troch it jierlikse projekt LêsNo,



bestearde út in lêsbok en online media en lesmateriaal om skoallebern oan it lêzen te krijen yn it Frysk.

Keunstwurk

[Keunstwurk](#) is de ekspertize- en advysorganisaasje foar kultueredukaasje, amateurkeunst en profesjonele keunst yn Fryslân. It programma [KEK](#) ('Kultueredukaasje mei Kwaliteit') biedt oan skoallen meartalige kultueredukaasje oan dat bern yn it primêr ûnderwiis stimulearret om har te uterjen yn it Frysk.



Underwiis en kennisynstellings

SFBO

It [Sintrum Frysktalige Berne-opfang](#) helpt berne-opfanglokaasjes by it foarmjaan fan taalbelied en by de útfiering yn 'e praktyk. Lokaasjes kinne mei help fan SFBO in trajekt trochrinne en oan 'e ein in sertifikaat fan twataligens helje. Op sokke sertifisearre lokaasjes wurdt bewust omgien mei meartaligens en mei ferwachte wurde dat mei de bern Frysk praat, foarlêzen en songen wurdt as de âlden oanjouwe dat op priis te stellen. Yn de measte gemeenten binne tal fan SFBO-sertifisearre berne-opfanglokaasjes te finen, mar net op de Waadeilannen en yn de gemeenten Harns en de Stellingwerven.

3TS

Yn Fryslân binne sa'n sechstich trijetalige skoallen yn it primêr ûnderwiis. Dat wol sizze dat op dizze skoallen njonken it Nederlânsk en it Ingelsk en it Frysk brûkt wurde as ynstruksjetaal yn de lessen. It Frysk is dan dus net inkeld in skoalfak, mar it wurdt ek brûkt by ien of mear oare fakken.

Skoallen dy't offisjeel trijetalich wurde wolle, rinne mei stipe fan meartaligenssintrum Cedin in trajekt troch dat in sertifikaat opsmyt. De skoalle kin dan ûnderdiel wurde fan it [Netwurk Trijetalige Skoallen](#) (3TS).

Ut it niisneamde Rapport Taalplan Frysk (2018) die nammers bliken dat guon skoallen dy't net by it netwurk 3TS oansletten binne, ek wol aktyf Frysk brûke bûten it skoalfak om, wylst der oarsom ek 3TS-skoallen blike te wêzen dy't dochs net alle kearndoelen foar it fak Frysk helje.



NHL Stenden Hogeschool

By it [lektoraat Meertaligheid en Geletterdheid](#) oan de NHL Stenden Hogeschool yn Ljouwert wurdt ûndersyk dien nei de didaktyk fan meartaligens yn it ûnderwiis en it tsjingeane fan 'laaggeletterdheid'. It lektoraat garret kennis en ûnderfining fan professionals en studinten en biedt oplossings foar de ûnderwiispraktyk. Ien fan de opdrachten fan it lektoraat is it grutskalige en langjierrige ûndersyk foar it earder neamde Taalplan Frysk. Joana Duarte is sûnt 2020 de lektor 'Meertaligheid en Geletterdheid'.

By NHL Stenden wurdt Frysk ûnderwiis fersoarge oan de pabû en oan de learare-oplieding Frysk.

NB. In alternatyf trajekt om earstegraads dosint Frysk te wurden rint fia de universitêre learare-oplieding fan de Ryksuniversiteit.

Learstoel Fryske Taal- en Letterkunde

Oan de Ryksuniversiteit Grins is in [learstoel Fryske Taal- en Letterkunde](#) ferbûn. De learstoel makket wittenskiplik ûndersyk mooglik nei alle fasetten fan de frisistyk, fan literatuer en (taal)skiednis oant taalkunde en taalsosjology.

It bestean fan de learstoel yn Grins is fêstlein yn de BFTK. De provinsje en it ryk drage elk 110.000 euro it jier by oan de ynstânhâlding fan de learstoel. Arjen Versloot is yn 2023 oansteld as ynterim-heellearaar.

De learstoel heart by de Ingelsktalige [bacheloroplieding Minderheden & Meertaligens](#) ('Minorities & Multilingualism', of M&M). Dêrbinnen wurdt in [stúdzjespoar Frysk](#) oanbean mei fakken dy't optelle ta ien fol jier oan stúdzjepunten (60 ECTS, dus in tredde fan it folsleine bachelorprogramma). Dat betsjut dat der yn Nederlân gjin folslein universitêr bachelorprogramma Fryske Taal en Kultuer mear bestiet sûnt 2013.



De RUG hat oankundige dat de oplieding M&M fan kolleezjejier 2025-26 ôf gjin nije studinten mear talit en ferfolgens ophâldt te bestean. Wêr't it stúdzjespoar Frysk krekt ûnderbrocht wurde sil, is begjin 2024 noch net wis. Yn 'e takomst komt der mooglik wol wer in (foarm fan) in selsstannige bacheloroplieding Frysk. It ryk stribbet nei langjierrige ôfspraken dêroer mei de Ryksuniversiteit Grins en is ree om dêr struktureel jild foar út te lûken. De weropbou fan in master Fryske Taal en Kultuer is ynearsten net oan 'e oarder.

Oan de Universiteit fan Amsterdam wurdt in minor Frysk oanbean en hâldt Arjen Versloot, heechlearaar Germaanske Taalkunde, him ek mei de Fryske taalskiednis dwaande. Hans Van de Velde is oan de Universiteit fan Utert heechlearaar Sosjolingüistyk 'mei bysûnder omtinken foar de taalsituaasje yn Fryslân'. Oan de universiteit yn it Dútske Kiel bestiet wol in folslein [bachelor](#)- en masterprogramma Frisistyk, mar de klam leit dêr op it Noardfrysk.

RUG Campus Fryslân

Der bestiet yn Nederlân net langer in universitêr masterprogramma Fryske Taal en Kultuer. Studinten dy't it stúdzjespoar Frysk folge ha yn de bachelor Minderheden & Meartaligens oan de RUG, kinne kieze foar de Ingelsktalige [master Meartaligens](#) ('Multilingualism') oan de RUG Campus Fryslân yn Ljouwert en dêr op eigen inisjatyf safolle mooglik in 'Fryske' ynfolling oan jaan.

Yn de oplieding wurdt de Fryske taalsituaasje brûkt as praktykfoarbyld fan in minderheidstaal yn in meartalige maatskippij. Studinten wurde oplaet ta saakkundigen op it mêd fan meartaligens, taalbelied en taallearen – mar net ta akademyske frisisten.



Fryske Akademy

De [Fryske Akademy](#) is it ynstitút foar fûneminteele en tapaste wittenskiplike ûndersyk nei de Fryske taal, skiednis en kultuer. It is ferbûn oan de Keninklike Nederlânske Akademy fan Wittenskippen (KNAW).

In kearnzaak fan it ynstitút is it beskriuwen en fêstlizzen fan de Fryske taal yn wurdboeken en grammatika's. De Fryske Akademy spilet in belangrike rol yn de standerdisearring fan it Frysk meidat it, mei ynstimming fan de provinsje, de Fryske stavering fêststelt. De Fryske Akademy soarget ek foar digitale helpmiddels foar taalbrûkers, lykas [Frysker](#), in online wurdboek, staveringshifker en oersetter yn ien.

Ek it oanlizzen fan databanken mei materiaal út it Ald- en Midfrysk en fan hjoeddeiske sprutsen en skreaun Frysk heart ta it taalkundige wurkfjild fan de Fryske Akademy. Fierder wurdt der taalsosjologysk ûndersyk dien nei maatskiplike en yndividuele aspekten fan meartaligens yn Fryslân.

It skiednisûndersyk oan de Fryske Akademy beflapt alle histoaryske tiidrekken, fan de Fryske Frijheid yn de midsiuwen en de iermoderne tiid fan Fryslân as gewest yn de Republyk, oant en mei de skiednis fan it moderne Fryslân. It ûndersyk kin in politike, mar ek in kulturele of sosjaalekonomyske ynfalshoeke ha. De resultaten wurde publisearre yn bygelyks it jierboek [De Vrije Fries](#) fan it Keninklik Frysk Genoatskip.

Mercator Europeesk Kennisintrum

It [Mercator](#) Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen ûndersiket meartalich ûnderwiis en taallearen by taalminderheden yn Europa. It garret en ferspriedt kennis en ynformaasje foar beliedsmakkers en oare belanghawwenden. Mercator makket diel út fan de Fryske Akademy.

It sintrum hâldt Regionale Dossiers by oer de stân fan saken oangeande it ûnderwiis yn regionale en minderheidstalen yn Europa (respektyflik bygelyks it Frysk yn



Nederlân en it Dútsk yn België). De online 'Wiki on Minority Language Learning' jout ynformaasje oer minderheidstalen dy't gjin of mar amper plak ha yn it ûnderwiis.

Fierders fersoarget Mercator in [nijsbrief](#) en wurket oan ferskate projekten dy't te krijen ha mei meartaligens en taallearen yn Europa. De projekten smite bygelyks in app of in lesmodule op dy't yn it ûnderwiis brûkt wurde kin om dêrmei op skoalle mear romte te jaan oan taalferskaat en lytse talen.

Tresoar

It Frysk histoarysk en letterkundich sintrum [Tresoar](#) is de grutste erfgoedinstelling fan Fryslân. It beheart in grutte wittenskiplike bibleteek, in kolleksje argiven (wêrûnder it Ryksargyf Fryslân) en dokumintaasje oer Fryske literatuer. Tresoar hat de funksje fan Regionaal Histoarysk Sintrum.

Tresoar is dwaande mei de digitale ûntsluting fan de argiven en kolleksjes. Mei ferskate aktiviteiten lykas lêzingen en útstallingen besiket Tresoar it kultureel erfgoed ûnder de oandacht te bringen fan in breed publyk. In resinte nije doelgroep binne de studinten fan de Campus Fryslân, dy't de iepenbiere stúdzjeseal fan Tresoar de lêste jierren hieltyd better witte te finen. Njonken kolleksjebehear en publyksaktiviteiten heart ek de Fryske literatuerbefoarderding ta de kearntaken fan Tresoar. Projekten en eveneminten dêromtrint binne te finen op de de Fryske [literatuerside](#) fan Tresoar.

Planbureau Fryslân

It [Planburo Fryslân](#) is in ûnôfhinklik ûndersyksynstitút foar de provinsje Fryslân. It monitoart en bringt rapporten út oer in breed ferskaat oan tema's dy't de Fryske maatskippij reitsje, fan wurk, sûnens en ûnderwiis oant en mei wenjen, feiligens en sosjale gearhing.

It Planbureau ynterpretearret lanlike sifers fan it CBS en it SCP, mar garret ek



eigen data fia it 'Panel Fryslân'. Dat bestiet út sa'n seistûzen Friezen, fan wa't in represintative miks in pear kear jiers online enkêtearre wurdt oer ferskate tema's. It Planbureau rjochtet him net yn it bysûnder op ûndersiken oangeande de Fryske taal.

Kennisynfrastruktuer Frysk

De Fryske Akademy, de RUG-learstoel Frysk, RUG Campus Fryslân, de NHL Stenden-learstoel Meartaligens, Tresoar, Afûk, it Planbureau Fryslân, FERS en it Sintrum Frysktalige Berne-opfang meitsje ûnderdiel út fan in wurkgroep Kennisynfrastruktuer Frysk, oanfitere troch de provinsje. Doel is om gruttere gearwurking te berikken, it Fryske kennisfjild effisjinter funksjonearje te litten en dêrmei takomstbestindich te meitsjen.



Koepelorganisaasjes

Fryske Beweging

De [Ried fan de Fryske Beweging](#) is in belangeklup dy't opkomt foar de Fryske taal en kultuer en de fersterking fan har posysje yn rjocht, bestjoer, ûnderwiis en op oare maatskiplike terreinen. De Fryske Beweging biedt Frysktalich nijs op itnijs.frl.

EBLT

It [Europeesk Buro foar Lytse Talen](#) (EBLT) is in koepelorgaan dat him ynset foar de promoasje en beskerming fan regionale en minderheidstalen yn Nederlân. By it EBLT binne mear as tweintich organisaasjes oansletten dy't har ynsette foar de posysje fan it Frysk, de Nedersaksyske talen, it Biltsk, it Frjentsjertersk en it Papiamintsk.

NPLD, FUEN en ELEN

Op Europeesk nivo binne der trije koepelorganen foar organisaasjes dy't har dwaande hâlde mei regionale en minderheidstalen. Alle trije hawwe op syn minst ien Fryske lidorganisaasje.

It [Network to Promote Linguistic Diversity](#) (NPLD) is in Europeesk netwurk foar taalbelied en -planning. By it NPLD binne fyftjin regionale oerheden oansletten, sa ek de provinsje Fryslân, en 26 organisaasjes lykas universiteiten, taalynstituten of lobbyorganen. By it NPLD leit de klam op it fergrutsjen fan taalbewustwêzen en it útwikseljen fan *best practices* op Europeesk nivo.



De [Federal Union of European Nationalities](#) (FUEN) is it grutste koepelorgaan, mei mear as hûndert lidorganisaasjes fan 36 Europeeske lannen. It set him yn foar Europeeske taalminderheden op regionaal, nasjonaal en Europeesk nivo. It is nau belutsen by it [Minority Safepack Initiative](#), in Europeesk boargerinisjatyf foar minderheidstaalrjochten.

It European Language Equality Network ([ELEN](#)) is in koepelorgaan dat him ynset foar de promoasje en beskerming fan regionale en minderheidstalen yn Europa. It stribbet yn it ramt fan minskerjochten nei lykwaardigens foar talen en meartaligens. ELEN hat 70 lidorganisaasjes út 18 Europeeske lannen. It oppenearret him op lokaal, regionaal, nasjonaal, Europeesk en ynternasjonaal nivo.

